Skriftlike fragen op grûn fan it Reglemint fan Oarder, artikel 44

Datum: 26 july 2017

Underwerp: Ferplichte gasoanslutingen foar nijbouwenten ferfalle

Acht kolleezje,

Mei yngong fan 1 jannewaris 2018 komt de ferplichting foar oansluting op it gasnet te ferfallen, en dan is it oan de ferskate gemeenten om fêst te stellen as wenningen oansluten wurde op in waarmtenet as wol in oare enerzjy-ynfrastruktuer.

Us fragen:

1. Is it kolleezje op 'e hichte fan dizze nije regeling?
2. Is it kolleezje ek foarnimmens om wat mei dizze ynformaasje te dwaan?
3. Sa ja, wat sil it kolleezje foar stappen ûndernimme?
4. Is it kolleezje op 'e hichte fan de 'Green deal' dy't mei 30 gemeenten en 12 provinsjes en netbehearders sluten is om te kommen de wenningen op in oare wize te ferwaarmjen dan ierdgas?
5. Is it kolleezje ek fan doel om yn elts gefal mei de SWA yn petear te gean om te kommen ta goeie ôfspraken en inisjativen om te kommen ta in oerlis mei belutsenen (bewenners) mei as doel wenningen ierdgas-frij te meitsjen?

Taljochting:
Minister Henk Kamp hat op 27 juni 2017 in wetswiziging nei de twadde keamer stjoerd om te kommen ta in CO2 reduksje omt yn 2050 de CO2-útsteat nei hast nul moat, en 30 prosint troch it ferwaarmjen fan wenningen komt, en mei it ferfallen fan de ferplichting fan de gasoanslutingen by nijbouwenningen in stap makke wurdt foar werombringen CO2-útsteat.

Der wurde jierliks 40.000 nije wenningen oansluten op it gasnet, wêrfan 25.000 nije leidingen oanlein wurde moatte. Der sil foar besteande wenningen in oerstap nedich wêze. Der is op 8 maart al in 'Green deal' sluten om te kommen ta in oare wize fan ferwaarmjen dan mei ierdgas, dizze deal is mei nammen foar âldere wenningen.

Ut namme fan de FNP fraksje,

Sake van der Meer